

Skitterje en skûlje

Marian Hulshof & Jacobus Q. Smink

Skitterje en skûlje

*Jimladream,
it libben fan in
bipolêre dichter*



It sil yn septimber 2023 west hawwe dat Marian Hulshof my oanskeat om te freegjen oft ik mei har ris sjen woe nei de gedichten fan Jakobus Smink. Wy wenje beide yn Hurdegaryp en komme inoar út en troch tsjin. Smink en Hulshof kenne inoar fan de stúdzje Nederlânsk yn Grins yn de iere santiger jierren. Sels haw ik û.o. ek Nederlânsk studearre en dat ôfmakke oan de RUG, boppedat haw ik wol wat mei talen en oersettingen. Om dat lêste soe it benammen gean.

Hawar, ik haw yn oerlis mei Marian mei de teksten fan Smink dwaande west. Nijsgjirrich wurk, mar it foel bytiden net ta om út te finen wat de dichter bedoelde. De betsjutting fan in grut tal gedichten is mei de útjefte *'Skitterje en skûlje – Jimladream, it libben fan in bipolêre dichter'* aardich dúdliker wurden. Dat is in fertsjinst fan dizze biografy fan Smink, mar dy

leit tagelyk foar in part ek swakten fan syn dichtwurk bleat. Dêr kom ik op werom.

Ik sil hjir net wiidweidich yngean op it libben fan Smink. Hulshof hat dat yngeand yn dizze biografy beskreaun. Ofgeand op de mannichte fan minsken dy't by de presintaasje fan it boek op 1 febrewaris yn Tresoar oanwêzich wiene, hie er gjin brek oan wurdearing. Sels koe er it net mear meimeitsje, want hy ferstoar yn jannewaris 2024. Spitigernôch draaide it yn syn lettere libben foar in grut part om drank, drugs en net te ferjitten de sigaret, dêr't er ek mei op de omslachfoto stiet. In man mei sjarme, dat grif, dy't deryn slagge om it mei froulju oan te lizzen, in wurdearre learaar, oersetter fan boeken út oare talen en net te ferjitten de winner fan de Gysbert Japicxpriis 2013.

Dat wie foar syn dichtbondel *Sondelfal*. Dy haw ik hjir no foar my lizzen. Hy hat dy bondel in tapaslik motto meijûn fan sjonger Tracy Bonham 'Wether you fall. Means nothing at all. It's wether you get up'. It motto past dêrom sa goed by him, omdat er sels troch syn ûnregelmjittige libbenswize en ferslavingen mear as ien kear opnommen waard, mar dan nei in skoft ek wer by de wâl opklaude.

Marian Hulshof gie, doe't er 65 waard, by him op besite. No in sitaat út de biografy dy't dat sitaat fan Bonham wol dúdlik makket: "Ik rin efter him oan 'Wat mankearret dy, Jacobus?' 'Myn longen, longûntstekking. Dêr ha ik seis wiken foar yn it sikehûs lein. Ik haw trije kwalen, STB, COPD en BS, Slecht Ter Been, Chronic Obstructive Pulmonary Disease en in Bipolêre Steurnis.' It komt der floeiend út, krekt as dreunt er dizze trits geregeld op. It liket wol in wapenfeit" (side 125). Yn de kollum fan oare wike sil ik û.o. weromkomme op in pear fan syn gedichten.

Pier Bergsma

De biografy Skitterje en skûlje is útkommen by Elikser (<https://www.elikser.nl/skitterje-en-skulje.htm>)

27 febrewaris 2025

In nijsgjirrige dichter, dy Jakobus Q. Smink

Yn myn [kollum fan ferline wike](#) oer *Skitterje en Skûlje*, de biografy oer dichter Jakobus Q. Smink (1954-2024), skreau ik: “Hawar, ik haw yn oerlis mei Marian [Hulshof, de skriuwer fan de biografy] mei de teksten fan Smink dwaande west. Nijsgjirrich wurk, mar it foel bytiden net ta om út te finen wat de dichter bedoelde. De betsjutting fan in grut tal gedichten is mei de útjefte ‘*Skitterje en skûlje – Jimladream, it libben fan in bipolêre dichter*’ aardich dúdliker wurden. Dat is in fertsjinst fan dizze biografy fan Smink, mar dy leit tagelyk foar in part ek swakten fan syn dichtwurk bleat.”

Lit my ien en oar dúdlik meitsje mei in pear fan syn gedichten. Yn de bondel *Sondelfal* stiet op side 35 it gedicht ‘Jakobsljedder’. Dat begjint sa:

De transporteur yn ‘e golle fan ús heit.
In ynboude Jakobsljedder fan fjurrehout.
Mei twa sydglydsbanen en as it hea leech
Leit tûmelje wy soms frjemd yn it fek.

Ik nim dit gedicht as foarbyld, omdat ik fertroud bin mei de eftergrûn. It gedicht ferwiist nei it bringen fan it hea yn it fek. Ik bin opgroeid op in lyts boerspul. Wy hiene gjin jakobsljedder om it hea yn de skuorre te krijen en dy dingen wiene neffens my, sa goed as it my heucht, ek net fan fjurrenhout. Hawar. Yn de lêste rigel fan it gedicht stiet

Klimt it bernefolk de himel yn en út

en dat is in ferwizing nei in ferhaal út it Bibelboek Genesis. Ik siet as bern op in lytse kristlike skoalle oan de Belgyske wyk yn Jobbegea en ken dat ferhaal oer Jakob út Genesis 28, dêr’t it gedicht foar in part nei ferwiist.

Hy, Jakob, krige in dream.
Yn dy dream sjocht er in ljedder dy’t rikt oant yn de himel.

Op side 77 fan de biografy komt Hulshof mei in ynterpretaasje fan it gedicht en ik moat sizze, dat docht se aardich: “De jakobsljedder past by Jakobus as tasping op syn namme, mar ek omdat it tahâlden yn ‘e himel in manier is om te ûntkommen oan de deistige soargen”. Sa leit frou Hulshof troch de biografy hinne ferbân tusken it libben fan Smink mei in soad noeden en syn gedichten. Neffens my binne in stikmannich fan syn gedichten ek dan allinne te begripen.

Lit my as oar foarbyld 'A Good Advice From An Old Fool' nimme, dat nei in akkefyttsje yn Smink syn libben ferwiist as er oppakt wurdt troch de plysje, omdat er by in benzinestasjon net betelje kin. Dat lit er folslein út de hân rinne. Op side 68 en 69 fan de biografy komt dat ferhaal oan 'e oarder. Smink jout yn syn gedicht op side 230 in goed advys:

as de plysje komt moatst noait fuortdrave
hâld dy steande
ek net as Brugman prate"

Guon gedichten, lykas dit, binne ûnbegryplik sûnder dy eftergrûn. Dat Hulshof gauris yn dy eftergrûn foarsjocht, makket de biografy oantreklik, mar dat soks nedich wie, leit ek de swakte fan guon gedichten bleat.

Boekgegevens

Marian Hulshof en Jacobus Q Smink, *Skitterje en skûlje Jimladream, it libben fan in bipolêre dichter*.

Iepenhartige en oansprekkende biografy mei in romme seleksje fan de gedichten fan Jacobus Quiryn Smink

Utgjouwerij Elikser, 2025, € 27,50

6 maart 2025

Skitterje en dan wer skûlje

Ien fan de nijsgjirrichste boeken oer psychiatry is *Ontregelde geesten* fan Douwe Draaisma út 2006. Hy is it bekendst wurden mei syn stúdzjes en publikaasjes oer it ûnthâld, mar yn dit boek giet it oer minsken mei in sykte dy't syn namme krige troch in persoan dy't dy sykte as earste beskreau. De bekendsten sille James Parkinson, Alois Alzheimer, Hans Asperger en Sergei Korsakov wêze. Draaisma is in skriuwer dy't by steat is om boeiend oer de minsken te skriuwen dy't troch in sykte fan de harsens troffen wurde.

Doe't ik dwaande wie mei *Skitterje en skûlje*, de biografy fan de dichter Jacobus Q. Smink, fûn ik it spitich dat Draaisma neat skreaun hat oer in bipolêre fersteuring, want krekt dêr waard Smink syn "ontregelde geest" troch feroarsake. Dat kin in part fan syn problematysk hâlden en dragen ferklearje. Der is in soad te finen oer sa'n fersteuring. Lykas dizze beskriuwing: "Mei in bipolêre fersteuring hat men manyske en depressive perioaden. Op in momint fielst dy hiel aktyf en fleurich of hastich. En it oare momint tige tryst en wurch."

It falt op dat tsjintwurdich gauris nei 'sykte' ferwiisd wurdt as it om problematysk of ûnbegrepen gedrach giet. By it lêzen fan de biografy fan Smink hie ik it gefoel dat syn drank- en drugsgebrûk en syn problematyske relaasjes dan wol ferklearre wurde kinne troch syn fersteuring, mar oarsom sil de drank ek net holpen hawwe om stal oan syn libben te jaan.

Dan no oer de titel en ûndertitel. Dy aparte ûndertitel 'Jimladream' freget om in ferklearring. Smink wie in leafhawwer fan popband The Doors. De sjonger fan dy

band is Jim Morrison. 'Jim' ferwiist nei it Fryske wurd 'jimme'. 'La' slacht op LA (= Los Angeles) en 'dream' is sawol Frysk as Ingelsk. (De wûnderlike namme 'Jimladream' dy't Smink ek yn syn e-mailadres brûkte en op syn auto plakke, wurdt útlein op side 51 en 52.)

De titel fan it boek is troch Hulshof betocht. In titel dy't goed past by it wûndere libben fan dizze man. Somtiden op syn bêst en skitterje, yn it sintrum fan wrâld, kreas yn 'e klean mei poetste skuon, mar nei sa'n top rekke er yn 'e nederklits en wie er oan it skûljen foar de wrâld dy't er mei syn kwaal net oankoe. Syn gedicht 'Efter de gerdinen wei' giet deroer.

It is net om 'e nocht dat it boek it motto meikrigen hat fan Francine Oomen: 'De dingen yn it libben dy't wy it leafst ferbergje wolle, binne ek de meast universele. Sy benimme, soarge foar kontakt en ferbining mei oaren. Ekspresje is in remeedzje tsjin depresje' (2023). (Mei *soarge* sil grif *soargje* bedoeld wêze, red.)

Efter de gerdinen wei

*As it dan inkeld is yn dyn hûs
Gjinien dy't om dy siket as dysels
En skaad hinget as efterstallich
Snoeiwurk op it skrobberstap*

*It bonkerak te besoademitere
En doch in goede haal
Alles is neat en neat is alles*

*Wat driuwt dy en skuor
De kleden fansiden as dat fan
Dysels út wei net wol*

út *Sondelfal* (2009), side 20